

Les 2

Ynstruksje foar staazjes op Afûk-kursussen foar lesjouters en hospitanten/stazjêr(e)s

Yn oktober kinne de staazjeplakken bekend wêze en sille de hospitanten/stazjêr(e)s nei it staazjeplak ta moatte. De gong fan saken is likernôch sa:

1. De hospitant(e) is mei-inoar 12 à 14 kear oanwêzich op in kursus: 6 à 7 kear op in A-leargong en 6 à 7 kear op in kursus foar net-Frysktaligen. De 6^{de} of 7^{de} kears is de eksamenles. Foar kursisten mei in goede begjinsituaasje (bygelyks minsken dy't al yn it ûnderwiis sitte), kin de eksamenles ek de 5^{te} les wêze. It oardiel fan de staazjebegelieder waacht dêr swier by. Der is yn dat lêste gefal 3 à 4 kear op in kursus 'lesjûn'.

2. De wurkferdieling tusken de begeliedende lesjouter en de hospitant soe likernôch sa wêze moatte:

Earste les: observearje oan 'e hân fan in formulier oer de 'lesútfiering' (sit yn de kursusmap). Nei ôfrin fan de les wurdt dy trochpraat mei de begeliedend lesjouter, (mei) oan de hân fan dy observaasjes. Der komt in opdracht foar it lesjaan fan de hospitant (sa'n 20 à 30 min.) foar de earstkommende kears. Der wurdt bepraat *hokfoar* ûnderdiel(en) fan de les oft de hospitant jaan sil en *hoe*.

Twadde les: de hiele les bywenje en foar it grutste part observearje (sj. formulier 'lesútfiering'). De hospitant jout sels ek les en nimt in ûnderdiel fan 20 à 30 minuten foar syn rekken. **Fan te foaren** is thús it hospitantepart fan de lesmatriks troch de hospitant ynfolle en in kopy dêrfan wurdt jûn oan de begelieder. Der is wer in neibesprek fan it lespart fan de hospitant en it part fan de begelieder. De staazjebegelieder follet it evaluaasjeformulier dat foar him ornearre is, yn en komt ta in wurdearring en in einoardiel. Dat ynfolle lesskema en de opmerkings en it oardiel fan de staazjebegelieder op it evaluaasje-formulier wurde (geregeld) *meinommen* nei de teoryles of *opstjoerd* nei de lesjouter foar de teory.

De hospitant follet foar himsels it part 'Hifkjen fan de les troch de hospitant' yn en lit dat ûndertekenje troch de staazjebegelieder as dat mooglik is. Dy kin der eventueel (noch) op yngean. De (teory)lesjouter kin letter, nei de jûne les, alles ek nochris besjen. Hy sjocht der benammen nei oft de lesmatriks op in goede wize ynfolle is en oft der noch praktykproblemen binne dy't bepraat wurde moatte. Hy kin korreksjes oanbringe op it ynfolle skema (bgl. as it *doel* net krekt omskreaun is yn feardichheids- of gedrachstermen, d.w.s wat ien **kinne** moat en *nèt* wat ien *witte/begripe* moat, of as de *learynhâlden* en *wurkfoarmen/learaktiviteiten* net goed útinoar holden binne). Hy tekenet it formulier ôf.

Tredde les: de hiele les bywenje. It part dat de hospitant sels net lesjout, wurdt wer observearre (mei help fan in formulier). De hospitant jout 1 of 2 ûnderdielen fan de les, maksimaal 45 minuten. De fierdere gong fan saken oangeande it hifkjen stiet ûnder de 2^{de} les beskreaun.

Fjirde, fyf(s)te en sech(s)te les: sjoch les 3. No jout de hospitant ± 1 oere les. De proseduere foar it hifken is bekend. Bepraat wurdt oft de eksamenles hast oanfrege wurde kin.

De *sech(s)te* of *sânde* les sil de **eksamenles** wêze, dy't sa'n 75 minuten duorret (in oere en in kertier). Op dy eksamenles wurde de learmiddels fan de oanbelangjende kursus brûkt. Der kin ek (yn oerlis mei de lesjouter) eigenmakke materiaal brûkt wurde, mar dat mei op syn heechst 30 minuten lestiid kostje. It brûken fan eigenmakke materiaal is frijwillich en kin net ferplichte wurde. De ynfolle matriks (it lesskema) wurdt **fan tefoaren** yn *kopyfoarm* jûn oan eksaminator en staazjebegelieder. Dat net ferjitte!!! Dy kinne sjen oft en hoe't de les *neffens plan* útfierd wurdt.

Programma les 2

1. *Utwikseljen ûnderfinings* en neigean oft oant no ta alles neffens winsk ferrint.

2. Fêststellen *nije datum* foar de 3^{de} teoryles. Dy datum sil net falle kinne op de jûnen dat de hospitanten nei it staazje-adres moatte. As dat lêste bekend is, docht de hospitant der ferstannich oan en sykje sa gau mooglik (tillefoanysk of persoanlik) kontakt mei de staazjebegelieder om inoar kennen te learen en elkoar fan inoars ferwachtings op 'e hichte te stellen. Hy bringt boppedat de staazjebegelieder op 'e hichte fan de (boppesteande) staazje-ynstruksjes, as dat (noch) net troch oaren bard is.

3. De *opdrachten (húswurk)* foar dizze les komme oan 'e oarder:

a. *Lesjaan* (s. 1 o/m 28). Fragen, ûndúdlikheden en swierrichheden wurde besprutsen. In nij stik, s. 29 o/m 45, oer *doelstellings* (haadstik 3) en *begjinsituaasje* (haadstik 4) komt efkes globaal oan 'e oarder. Benammen de *doelformulearring* is yn it begjin wat lestich. Dy moatte formulearre wurde yn *gedrachstermen*: 'De kursist(en) **kin(ne)** nei ôfrin fan de les ...[dit of dat *dwaan/dizze* of dy *hanneling* útfiere]'.

Foar it fêststellen fan de begjinsituaasje fan de kursisten (A of NF) is it begjinsituaasjeformulier út it kursusmapke fan belang. Dat kin it bêste fermannichfâldige en yndividueel ynfolle wurde troch de kursisten fan A of NF. De hospitant kin foar himsels efterôf in totaaloesjoch meitsje op ien (sammel)formulier. As guon kursisten in aspekt/fraach perfoarst net ynfolje wolle, dan lit men dat mar gewurde. De bedoeling fan it formulier moat wol goed útlein wurde.

b. *Lesgeven* (s. 16 o/m 37). Ien fan de kursisten hâldt in koarte ynlieding (5 à 10 minuten) oer wat er yn de lêzen paragrafen fan belang achtet foar de ûnderwiislearsituaasje dêr't er yn Afûk-ferbân yn komt te ferkearen. Hy partet, as dat mooglik is, in kopy om fan in gearfetting fan dy ynlieding (en syn útwurking fan de fragen yn de foargeande les). Dy komt letter yn it *eksamenmapke/-dossier*. De lesjouwer foar de teory wiist op dingen dy't er sels fan belang achtet en giet yn op fragen en problemen. Gauris ûntstiet der in lytse diskusje oer in haadstik.

It yn it boek presintearre *lesformulier* (par. 2.5) is ek hiel brûkber foar Afûk-leargongen en mei/kin ek wol troch de hospitanten brûkt wurde yn pleats fan it model dat yn de map sit.

Globaal besjogge wy ien of twa haadstikken, bgl. haadstik 3 (s. 48 oer differinsjaasje); haadstik 5 'Beginsituatie' (s. 94-116) en haadstik 6 'Doelen en leerstof' (s. 168-203) oan de hân fan de skema's mei stekwurden op de earste side fan dy haadstikken.

c. It boekje *Ynformaasje foar lesjouwers* fan de Afûk kin ek oanlieding jaan ta petear oer de kursussen, learmiddels, beleaning, begelieding(sgroep), evaluaasjeformulieren, eksamendata, kursusferslach, eksamenreglemint, ensfh.

d. Neigien wurdt wat de kursisten opstutsen hawwe fan les 1 fan de *Kursus Frysk skriuwen*. Oer guon aspekten, benammen de idiomatyske en de taalregels, kin in petear ûntstean. It is de bedoeling dat de kursisten der wat oan hawwe by it *tarieden fan lessen* op it staaazje-adres en letter as se sels in kursus jouwe, as *neislachwurk*, as *boarne* foar spesifike oefenstof of om *dingen út te lizzen*. In protte lear- en oefenstof út de *Kursus Frysk skriuwen* is net of amper te finen yn it A-, B-, C- of Akteboek fan de Afûk.

Yn les 1 fan de skriuwkursus giet it benammen om de *staveringsregels* fan slimme of frijemde wurden, taaleigen en taalregels út *Mei freonlike groetnisse* (in *skriuwwizer* fan R. de Haan) en de *meartalsfoarming* (spesjaal par. 1.3.2 punt 2!) yn it Frysk. Fierders wurdt omtinken jûn oan wichtich *taaleigen* út *Op 't aljemint* (fan J.K. Dykstra) en oan *taalsoarch* (W. Dykstra en O.H. Sytstra).

Oan taalregels wurdt ek omtinken jûn yn *Bydragen ta de didaktyk* (benammen haadstik 4 en 5). Dy haadstikken komme ûnder de didaktykles ek op 't rabat. Gâns regels út dy haadstikken binne yntegrearre opnommen yn de *Kursus Frysk skriuwen*.

Opdrachten (húswurk) foar les 3

1. *Lesjaan*, s. 29 o/m 45 bestudearje. Hiel wat opdrachten binne (no) wat ferâldere en kinne oerslein wurde. Oare opdrachten binne noch wol brûkber, mar faak op in oar momint. Dat wiist him yn de rin fan de kursus fansels. Tige fan belang is hokfoar aspekten oft der yn in *doelomskriuwing* sitte moatte (s. 32), de ûnderskieding yn trije of fjouwer doelgebieten en it ferskil tusken *kennis* (fan feiten en mienings) en *ynsjoch* (yn ferbannen, oarsaken en gefolgen) (s. 33-36). De kursusdoelen moat men helje út it ynformaasjeboekje.

Kinne jo de fragen fan opdracht 3.6 beânderje? Dy hannelje oer de taalsosjologyske kaart. De begripen *ambilinguaal* en *diglossia* sille (noch wol) bekend wêze. Kinne jo de (winsklike) rol fan de Afûk yn de ûntjouwing fan diglossiale nei ambilinguale taalferhâldings oanjaan? It ferskil tusken de begripen 'domein' (in **sosjologyske** kategory: taalgebrúksituaasje) en 'register' (in **taalkundige** kategory: *soarte fan taal*) moat oanjûn wurde kinne.

Fierders moatte de aspekten fan *begjinsituaasje* ferdútst wurde kinne. Yn dat ramt moat ek it begjinsituaasje-formulier pleatst wurde.

Meitsje oer de opjûne siden wat koarte notysjes, in koart úttreksel of in skema mei wat stekwurden.

2. *Lesgeven*, haadstik 3 oer ‘Differentiatie en zelfstandig leren’, s. 48 o/m 63. Meitsje in eigen gearfetting op basis fan de kearnbegripen (op s. 48) en besykje dy yn ferbân te bringen mei it lesjaan oan folwoeksenen yn Afûk-ferbân.

Lês s. 110-146, haadstik 5, ‘Beginsituatie’ troch. It kin wêze dat ien (of twa) fan de kursisten dêr in ynliding oer tariede moat(te). It soe moai wêze dat dêr dan ek in eigenmakke koart úttreksel fan omparte wurde koe.

Besykje om sels letter oan de hân fan it stekwurdeskema op s. 110 wat ynhâldliks te sizzen oer de (winsklike) *ôfstimming* tusken de begjinsituaasje, resp. it begjingedrach fan Afûk-kursisten en de doelstellings fan les of kursus. Jou ek oan hoe’t de begjinsituaasje yn kaart brocht wurde kin en hokfoar middels oft dêr gaadlik foar binne. Inkelde fragen dy’t rjochting jaan kinne by it bestudearjen, binne:

- a. Hokfoar befoarderjende en beheinende eigenskippen fan kursisten kinne in rol spylje by de leargongen NF en A? (par. 5.2)
- b. Wat soe in goede, resp. ideale Afûk-lesjouwer foar eigenskippen hawwe moatte? (par. 5.3)
- c. Wat soene de bêste kommunikaasjepatroanen wêze op it stik fan de wurksfear by Afûk-kursussen? (par. 5.4)
- d. Hokfoar ynstitútsfaktors (fan de Afûk) beskiede de lessituaasje? (par. 5.5)
- e. Hokfoar omstannichheden (‘situaasjonele aspekten’) kinne in rol spylje by Afûk-leargongen? (par. 5.6)
- f. Hokfoar middels soene jo it leafste brûke om it begjingedrach fan de kursisten yn kaart te bringen? (par. 5.8)
- g. Hokfoar twa wichtichste kognitive skaaimerken fan kursisten binne fan belang om it Afûk-programma mei sukses folgje te kinnen? (par. 5.9)
- h. Wat is tige wichtich foar it ûntwikkeljen fan yntrinsike motivaasje by de kursisten? (par. 5.10)
- i. Hokfoar learswierrichheden kinne in rol spylje op kursussen foar bgl. NF en A? (par. 5.11)
- j. Hokfoar skaaimerken hawwe effektive learaars? (s. 146)

Twa oare kursisten riede in ynliding oer haadstik 6 ‘Doelen en leerstof’ (s. 158-195) ta en meitsje elts yn koarte omparter. De ferdieling is ûnderling te regeljen.

3. Ut de *Kursus Frysk skriuwen* wurdt *Les 2* globaal trochnommen, benammen mei it each op de taalkundige en idiomatyske eftergrûnkennis. It aksint leit yn dizze les op de regels foar de *ferlytsingswurden*, de *taalnoarm* (benammen rjochte op it ôffreedzjen fan it ‘Frysk’ fan it ‘Hollânsk’) en in stikmannich útgongspunten foar in Fryske *standert*. Dy útgongspunten kinne helpe as in lesjouwer of kursist kieze moat út (faak dialektyske) farianten. Yn de diskusjes mei kursisten oer ynterferinsjes, (noch) akseptabele foarmen en (winsklike) standertfoarmen kin dat fan pas komme. De paragrafen 2.3.3 en 2.3.4 binne ek fan belang foar it teory-eksamen.

Wy lizze fierders yn paragraaf 2.3.7 wer aksinten by *Mei freonlike groetnis*, griemmank út *Op ’t aljemint*. De ‘*en + ymperatyf*’-konstruksje komt der ek op it aljemint. Brûk dy sels ek ris! De *er/hy*-problematyk sille de measte didaktykkursisten wol fan op ’e hichte wêze. Mar hoe sit dat mei de *se/sy/hja*-kwestje? Dy wurdt faak wat ûnderbeljochte. En wurde *fuort* en *wei* wol goed útinoar holden?

Boarnen: grammatika’s

In lesjouwer fan de Afûk kin net sûnder *wurdboeken* (sjoch les 1) en ek net sûnder *grammatika’s*. It bekendst sil J. Popkema syn *Ta de taalkunde fan it Frysk* wêze, dy’t op de kursus foar de Afûk-akte brûkt wurdt. T. Hoekema syn *Beknopte Friese vormleer* wurdt de didaktykkursist ek wat fertroud mei, omdat it boekje in yntegraal ûnderdiel is fan Hiemstra syn *Kursus Frysk skriuwen* (dy’t wer eftergrûnmateriaal is by de oplieding ta it didaktysk foech fan de Afûk). Mar der is út soarte folle mear brûkber boarnemateriaal.

In tige wichtich en hast ûnmissber neislachwurk is: Jan Popkema, *Grammatica Fries. De regels van het Fries*. Utrecht: Het Spectrum B.V., 2006, 378 siden.

Yn de yn de foarige les neamde *In skiednis fan ’e Fryske taalkunde* is fan de hân fan Tony Feitsma in haadstik (IX) opnommen oer de ‘Grammatika fan it Nijfrysk’. Se jout tige omtinken oan Everwinus Wassenbergh (1802), Ecco Epkema (1824), Harmen Sytstra (1854-1862), G. Colmjon (1863), Ph. van Blom (1889), G. Postma en P. de Clercq (1904), P. Sipma (1913; 1948-1949), O.H. Sytstra en J.J. Hof (1925; yn Sytstra en Hof harren *Nieuwe Friesche Spraakkunst* is in ‘Idiomatische Woordenlijst’ opnommen, dy’t ek in protte nijsgjirrich taaleigen jout foar Afûk-lesjouwers!), K. Fokkema (1948; 1967). J. Boersma en G. Van der Woude harren *Spraaklear I en II* (1972-1975; 1980-1981) wiene foardat Popkema syn *Ta de taalkunde fan it Frysk* ferskynd wie, in ûnderdiel fan de Afûk-akte-oplieding. Fierders giet Feitsma yn op de histoaryske grammatika en dialektology, de strukturele

grammatika en de generative grammatika. Har konklúzje is dat de Fryske grammatika beskieden fan omfang is, mar hieltiten op 'en nij mei reizget op de tendinzen fan de eigen tiid.

Feitsma har literatuerlist is foar ús doel wer fan belang (mei in * of ** wurdt oanjûn wat dêrút neffens my spesjaal of tige spesjaal omtinken fertsjinnet).